

## Liturgie 29 maaie 2022

Foargonger: dû. Wybe Feenstra (Twizelerheide)

Oargelist: Joop Lameris

Alderling fân tsjinst: Helga Hiemstra

Beamer tsjinst: Nico en Tine Hoekstra

## Oargelspul

### Wolkom en meidielings

#### Sjonge: Liet 287: 1 en 5

1.By it ljocht dat libben is  
groetsje wy inoar mei frede.  
Wa't dat ljocht temjitte giet,  
komt en dielt yn syn genede.  
By de Hear binn' wy te plak,  
ûnderdak.

5.By it ljocht dat libben is  
meie wy inoarren fine.  
Ljocht fan de ferrizenis,  
lit jo strielen ús beskine, -  
foar dit heimnis stean jo noed:  
God is goed.

#### Bemoediging

foarg.: Us help is yn 'e Namme fan de Hear

gem.: DY'T HIMEL EN IERDE MAKKE HAT

foarg.: Dy't trou bliuwt oant yn ivichheid

gem.: EN NET LOSLIT WAT SYN HÂN BEGÛN

#### Groetnis

foarg.: De frede fan God is mei jimme

gem.: EN EK MEI JO. AMEN

#### Sjonge: Liet 287: 2

2.By it boek fan syn ferbûn  
neame wy inoar by namme,  
libbenswurden binn' ús jûn

en wy sizze: ja en amen -  
wa't fan leafd' en libben lêst  
fynt hjir rêst.

## Kyriegebed

#### Glorialiet: Liet 871: 1 en 3

1.Jezus is kening, syn regear  
stiet rûnom fêst. Hy is de Hear  
dêr't dei oan dei de sinne blinkt  
en nachts de ljochte moann' ús  
winkt.

3 Syn ryk ûnthjit loksillichheid,  
dy't fêst siet libbet dêr befrijd,  
dy't wurch wie komt yn rêst teplak,  
dy't earm wie kriget syn gerak.

## Gebed by de iepening fan it Wurd

## De bern geane nei de bernestjerke, berne liet

### Ynlieding op de lêzingen / preek / tsjinst

**Skriftlêzings** a) Deuteronomium 25: 17 o/m 19  
b) Exodus 17: 8 o/m 16

#### Sjonge: Liet 302: 1 en 2

1. Allinne oan God, de hege God  
komt ta de tank en eare;  
yn ivichheid liedt Hy ús lot,  
gjin tsjinslach kin ús deare.  
God hat oan syn genede tocht  
en ús nei striid de frede brocht,  
dy sil gjin ein mear nimme.

2. Jo, ivige Heit, oanbidde wy,  
Jo namme woll' wy earje.  
Ûnwrikber stiet jo hearskippij,  
foargoed sill' Jo regearje.  
Jo hawwe ûnbemjittb're macht,  
jo wil stiet fêst en wurdt folbrocht.  
Dy Heare is ús Kening.

**Preek** (*tekst: Exodus 17: 15*)

#### Sjonge: Psalm 68: 1

1. God giet oerein, mei sterke hân  
driuwt Hy syn haters út it lân  
liet har as reek ferfleane.  
Sy binn' as weake waaks te-raand  
troch 't fjoer dat fan syn antlit  
baarnt,  
har oantins fynt men nearne.

Mar wa't him op Gods wegen jout,  
't rjochtfeardich folk dat op Him  
bout,  
rint oer fan kleare wille;  
it sjongt en spilet liet op liet  
dat oer Gods geunstbewizen giet,  
wêrfan har herten tille.

#### Gebeden

##### Collecte ofkundiging

**De bern komme wer yn't tsjerke**

#### Slotliet: Psalm 72: 1 en 4

1. Jou no jo rjocht de kening, Heare,  
dat hy ús wiis bestjoert.  
Wol jo gerjochtigheid him leare,  
dan wurdt it libben goed,  
dan leit oer alle bergen frede,  
hy hat syn folk befrijd,  
de hichten tille fan genede,  
om't nimmen ûnrjocht lijt.

4. Hy nimt de earmen yn beskerming,  
en dy't gjin helper hie.  
Sy libje stil yn syn ûntferming;  
by him is rêst en rie.  
Har lijen moat him tige deare,  
har leed begeart er net,  
har triennen kin er net ferneare,  
har dea giet him oan't hert.

#### Segen